

Om de Krommesyl hinne

Foardracht hâlden yn 1996 by de iepening fan de útstalling ‘De Boalserter Trekfeart’ yn it Tsiispakhús te Wommels en earder publisearre yn *Klaaikluten* 2000/3:32-33

Jelle Miedema

Yn 1983 hawwe H.W. Kuipers en J.E. Valkema in boekje skreaun, *De Boalserter Trekdyk*. Mar dat giet fansels ek oer *de Trekfeart* en de skiednis deromhinne. Ik sil it dan ek net oer dy skiednis ha, teminsten dy net as útgongspunt nimme – boppedat, we sjoche der straks noch genôch fan –, mar wol mei wat foarbylden de reden taljochtsje wêrom ik in pear jier lyn ‘De Trekfeart’ (ik wist doe noch net fan it niisneamde boekje ôf) as underwerp suggereard ha. Of miskien moat ik sizze ‘de gedachte efter dy reden’, want it idee kaam spontaan op en pas dêrnei gean je je ôffreegjen: wat docht dy feart mij eins?

De efterlizzende gedachte is dat de Trekfeart *mei* it gesicht bepaelt fan dizze streek – en sa past yn in streekmuseum mei as namme ‘De striid tsjin it wetter’. Mar ek dat dy Trekfeart syn plak hat yn de erfaringen, herinneringen en ferhalen fan de minsken dy om dy Trekfeart hinne wenje, of wenne ha. As ien fan dy minsken kin ik it ek oars sizze: de Trekfeart is in diel fan it lânskip fan ús jeugd en dêrmei in part fan ús ‘basis’. Fan dêrút waard de wrâld grutter, letterlik en figuerlik. Dêrfan koart in persoanlik ferslach, wêrby it net giet om it persoanlike, mar de mear minsklike kant fan ’e saak. It wurde *flash backs* en eltsenien kin dy op syn of har manier ynfolje. Miskyn stuitsje we wol op parallellen. It wurdt dêrmei wol wat in nostalgysk praatsje, mar ja: jimme hawwe in Fries om utens frege, en ik bin al hast 30 jier âld-Wommelser.

De Trekfeart, bylden út it ferline

It begjint al yn’e peutertiid: ‘Net nei de brêge!’ Hoe faek hawwe ús memmen dat net sein. En wy as peuters tochten: ‘Straks nei de beukerskoalle’. En dy stie doetiids hjir by de brêge. ‘De brêge’, wat foar de memmen in oar wurd wie foar Trekfeart – foaral dus foar ‘feart’ – betsjutte foar ús as bern aksy. De molkboaten koene je fêst fan op oan. Spannender wie in boat mei turf of pulp wêrfoar de brêge iepen moast. Komt it jild wol op tiid yn de klompe? Frachtboaten en letter plezierboaten, mei allegeare in eigen namme. It binne yndrukken dy bei ‘de Trekfeart’ hearre. Dêrnei in stapke fjirder. Nei de nije beukerskoalle ta en dy lei doetiids foarby de Suderhaven. Nije fragen: wêrom hyt dy âld feart haven? Is der dan ek in Noarderhaven? En sa hearden we fan tsiiskeaplju en tsiissouders – en krigen bekende huzen in nij gesicht.

Noch wat jierren fierder en je gongen mei yn’e line fan de molkboat fan Ype Hemstra fan Kûbaard (dat wie foar 1960) of [yn gedachten] mei op de molkboat-mei-motor fan Rein Strikwerda fan Easterein, foarby de Warntille mei fjirderop de Sinterklazepkeats ûnder Iens, of mei Durk Zylstra fan Littens de oare kant op nei de Krommesyl, mei foarby de Slachte de wide romte fan de Hartwerder Mieden en it Djiplân ûnder Burgwerd. Wêrom de iene brêge in ‘tille’ en de oare in ‘syl’? Fanwer de nammen Sinterklazepkeats en Djiplân? Wêrom lizze der balken by de Kromme Syl? En sa krige de Trekfeart in plak yn streekferhalen en hearden je foar it earst fan ‘binnendyks’ en ‘bûtendyks’ lân.

En as je, wer wat jierren letter, as reserve-mûnsternimmer moarns ier yn datselfde Djiplân stiene, en de wiete kjeld luts op yn je learzens, dan fielden je letterlik dat dat lân net oars as Djiplân hjitte koe. En ek foel dan op syn plak wêrom de Trekfeart dêr, yn it hert fan de âlde Marneslinke en neamd it Brewaar, breder wie as op oare plakken. (It Brewaar waard ek wol De Poelen neamd, sa skriuwt mr. Kuipers yn it niisneamde boekje.)



De molkboat fan Rein Strikwerda fan Easterein op Wommels (foto JM)

Folle jierren letter, yntusken as antropoloog werom út it froegere Nederlânsk Nij Guinea en nei in protte genealogysk ûndersyk ûnder Papua's ek ynteressarre rakke yn eigen komôf, stuitsje je dan op foarâlden, boeren op de Hartwerden Mieden (fandêr ek de eigen famyljenamme). Fan dy foarâlden kaam in Beern Douwes om 1705 hinne op de Hartwerder Mieden te wenjen op in 'sate met huis, schuur en land met een eigen en sware dijkage omvangen soodanig dat de landen tegenwoordich 's winters en somers droog worden gehouden.' It wurd 'tegenwoordich' wiist derop dat it bûtendyks lân oant flakby de Slachtedyk foar dy tiid net al te droech wie.

Of nim in oare foarheit fan de Hartwerder Mieden, Pieter Jelles. Neffens in boedelynventaris fan 200 jier lyn wie hy yn it besit fan 'Een sloopje en seylen met zijn ap en depentien'. Miskyn wiene die 'depen[den]tien' allinne mar roeirimen, mar in soad fan dy – letterlik sa neamde – 'boatsjes' hienen in bun. En yn de niisneamde boedelynventaris is yn ien en deselfde opsomming ek sprake van in 'hoepnet', een 'sleep trog' en een 'modder net'. Wat ik my by it lêste foarstelle moat wit ik net, mar 'hoepnet' liket te wizen op fiskerij. En as it om in fiskersboatsje gong, dan fisken dy miedboeren fêst net allinne yn de Kleasterfeart, mar gongen se grif ek de Trekfeart op. Dát op de binnenwetters fiske waard witte we sels fan de froegere tichtsetfiskerij. Mar ek op âlde printen fan doarpsgesichten wurdt omraak fiske. En fan tichtby tsjûgje dêrfan yndied ek âlde boarnen.

Yn 1657 wurdt Hottinga state mei buorkerij hjir by Wommels omskreaun as 'Hottinga State en Land het Blauhuys genoemd, met aanbewoonde huijsinge, plantagie, cingels, grachten, legersteden, mitsgaders d' swanejacht ende vischernien' [yntusken witte we: dy 'vischernien' binne fiskrjochten yn it doarpsgebiet fan Wommels, fan Brewaar oant de Warntille ta]. De Hottinga's hiene al ier te dwaan mei it wetterbehear yn dizze omkriten. Yn 1469 bepale de 'steden en deelen van Westergo' dat de 'Baerdera ende Hynnaerdera heren Hero ende Jarich Epa zonen Hoitingha' de 'Tellensera zyl' en 'Letenzera zyl' wer meitsje litte moatte en dan de 'zylroden aeck mey to slaten als dae syllen mecke ende leid werdet [makke en lein wurde]' (Oorkonden II, no. 68).

Noch in lêste byld fan de Trekfeart – no de feart as brêge (ik draai de metafoar fan it bigjin om) tusken minsken yn romte en tiid. Troch it niisneamde genealogysk ûndersyk kaam ik ta de ûntdekking dat myn beppe fan memme kant, in Akke Klazes de Jong, op har beurt in beppesizzer wie fan in Akke Klazes Zwaga (fan Boarnsweach ûnder Langwar). Dus ik frege op in kear ús mem, in dochter fan bakker Durk Risselada hjir fan Wommels: 'Wit mem wol – se wie doe al tsjin de tachtich – dat we famylje binne fan de bekende skippersfamylje Zwaga? Se tocht nei en yniens waren har eagen grutter. 'Nee', sei se, 'mar no snap ik it.' En dan komt it: 'Eartiids draafden wy as bakkersbern om it hurdst it trekpaad del nei in ynkommend skip, om as earste wat ferkeapje to kinnen. Mar de Zwaga's rôpen dan altiten al fan fier oer it wetter: 'Wy moatte bôle fan de famkes fan Risselada.' Myn mem wie werom yn it lânskip fan har jeugd en ek dêryn spile de Trekfeart sa syn eigen rol.